

MOASJE

Yn te folgen troch de griffier

Yntsjinner: FNP, Rein van der Wal Mei-yntsjinner(s): SP, Hanneke Goede GrienLinks, Charda Kuipers	Moasje nr.	25.
	Paraaf	
	Wurklistpunt	7.
	Beslút	

MOASJE, op grûn fan Kêst 31 Reglemint fan Oarder

Steategearkomste	26 jannewaris 2022
Wurklistpunt	7. Enerzjyprogramma Fryslân 2022-2025
Koarte titel fan de moasje	Akwatermy prosesjild

De Steaten, yn gearkomste byien op de 26^e fan'e Foarmoanne 2022,

oerwaagjend dat:

- Fryslân troch Provinsjale Steaten útroppen is tot dé akwatermy provinsje fan Nederlân;
- Dat it enerzjyprogramma Fryslân mei faasje trochset wurde moat;
- It kolleezje skriuwt dat út ferskate stúdzjes bliken dien hat dat akwatermy in hege potinsje hat en dêrom in wichtige bydrage oan de enerzjymiks foar it enerzjyprogramma leverje kin by it ûnderdiel Waarmtetransysje;
- Dat de akwatermy-projekten lykas yn de doarpen Heech en Balk echte koprinne-projekten binne;
- Dat de akwatermy koprinneprojekten no sa fier binne dat se fan de opstartfase oergean moatte nei de ûntwikkelfase en dat hjirfoar noch ûnfoldwaande finansiering beskikber is;
- It Kolleezje seit dwaande te wêzen om ferskate projekten op dit mêd finansjeel te bondeljen om dêrmei foldwaande massa te meitsjen foar ien grutte subsysje-oanfraach út EU-middels;
- It lykwols net sa wêze moat dat de rinnende projekten yn ôfwachting fan in takenning fan sa'n bondele EU-oanfraach no stil komme te fallen by gebrek oan prosesjild;

MOASJE

MOASJE

Fersykje it kolleezje fan Deputearre Steaten:
- Om as provinsje yn ôfwachting fan in beslút op in bondele EU-oanfraach ûnderwilens safolle as mooglik fasiliteit en ek finansjeel de akwatermy koprinnerdoarpen te skewielen no't harren opstartfase fan de projekten oergiet nei de ûntwikkelfase;
en gear oer ta de oarder fan de dei

Yntsjinner(s)	(fraksje / namme / hântekening)
	FNP, Rein van der Wal
	SP, Hanneke Goede
	GrienLinks, Charda Kuipers